

Redaksjoneel Ensafh 4, 2016

Net dat ik gjin Gysbert Japi(c)x-boeken yn 'e hûs hie, mar ik krige pas echt aardichheid oan it wurk fan de Boalserter bard, doe't ik ferline jier yn Brantgum op in feestlike middei yn tsjerke meisongen hie mei 'Wolkom, freugde fan de wrâld'. De muzyk sloech foar my in brêge oer de 350 jier tusken Gysbert en no. Syn fersen yn drege stavering bliken sjongsume lieten. In histoaryske ûnderfining dy't djipper yn it moed taast as rasjoneel te ferklearjen is.

Op 20 maaie dit jier wie ik yn Boalsert by de feestlike iepening fan it Gysbert-jier. Wer klonk de rekonstruearre muzyk, en dy muzyk wie fierwei it hichtepunt fan de middei. Foar de rest wiene der sprekkers útnoege, en it muoit my dat gjinien fan harren wat te fertellen hie oer master Gysbert sels. It gyng net oer de poëzij, mar oer de taal, ús Fryske taal en it fuortbestean derfan. Op syn bêst net-bewiisbere stellingen oer Gysbert klonken frijwat hol: de dichter-skoalmaster-foarsjonger waard presintearre as in taalbeweger. 'Sûnder Gysbert hiene wy no gjin Frysk praat.' 'Ien man hat de Fryske taal rêden.' Taal, taal, taal. Belied. It gie de sprekkers net om it literêre oeuvre, it wie 'de persoan Gysbert' dy't har 'oanspruts'. De persoan waans biografy allinnich yn grutte halen bekend is, en dy't alsa a-histoarysk yn te kleuren is ta net folle mear as in symboal.

Mar wat moatst dan mei in 17e-ieuske dichter? Der is nochal wat kennis fan eardere taal en kultuer nedich om sa'n auteur op syn eigen weachlingte neierby te kommen. Ik hie sels ek minder witten wat ik oanmoast mei Gysbert Japicx en syn tiidgenoaten, as ik net én klassike talen studearre hie, én al in bytsje wist fan de 17e ieu, én niget hie oan âldere foarmen fan Frysk. Goed, sokke kennis is ek net oanberne. Salang't der mar in fûnkje ynteresse is, komt de driuw wol om mear witte en kinne te wollen. In moaie fûnk is de histoaryske sensaasje dy't ynienen makket datst wat âlds fannijs sjochst. Dat skiednis ta nije ynspiraasje laat.

André R. Looijenga

Ynhâld

- 3 Redaksjoneel
- 4 Arjan Hut
 - Buddha*
 - George Herbert Walker Bush*
 - Angela Merkel*
 - Malala*
- 9 Piter Boersma
 - willem frederik van nassau*
- 17 John Bosma
 - omkaam by it skjinmeitsjen*
- 18 Bartle Laverman
 - omke Jabik*
- 19 Simen de Jong
 - By beppe*

- 33 Margreet de Jong
Brieven fan Lourens
- 34 Janneke Spoelstra
Typysk
- 35 Teije Brattinga
In hiele lange rige
- 36 Bouke Slofstra
Sjonger sûnder dirigint
- 41 Cornelis van der Wal
Kleur
- 42 Edwin de Groot
Besef fan gemis
Sels in Tibetaan belânet op it lêst yn see
Fergean en bestean
It lûd fan besite op snein
- 46 Sipke de Schiffart
Sliepe mei de eagen iepen
- 55 Syds Wiersma
Sketsen fan Fyn
- 60 Geart Tigchelaar
Kattrup, 26-4-2016: Hoi Elmar,
- 62 Elmar Kuiper
Hûns, 23-5-2016: Hoi Geart,